

'Want elk dy't himsels ferheget, sil ferlege, en dy't himsels ferleget, sil ferhege wurde'. Wy witte wol hoe't it heart. Dring je net op, wês beskeiden. Wij witte wol hoe't it heart. Wy hearre minsken fan bêd, bolle en bad te foarsjen. Dat is it minste wat wij foar in oar dwaan kinne. Wy witte hoe't it ek moat, in dak boppe de holle en elkoar helpe. Wy witte it wol. Mar wij witte ek dat in oar miskien wol mear krijt dan wêr't wij op rekkenje. Oaren krije in hûs, wêr't wy al tiden foar ynskriuw stean. Of jild en in útkering, wyls dat se hjir noch mar koart binne. Mar úteindlik kieze wij foar ússels. Want hoe slim at in oar it ek hat, wij binne bang dat wij ferjitten wurde. En dermei fuorje wy it sentiment yn úse maatskippy dat wy eigenlik toch wol op it earste plak hearre te stean.

Ik tink dat ússels ferhege iets is wat ús minsken eigen is. Jierren lien wie ik yn Israël/Palestina en dêr fertelde in Palestijnse dumny dat syn folk de earsten wie op it lân dat Israël claimt. Dat soart fan ûnrjocht dat de ien wat fan inoar ôfpakt, fiele jo wol oan. Lyk as it rapport fan Remkes it gefoel fan de boeren bleat leit dat it net lústerje nei de boeren, ek ynjoen wurdt troch it ûnderskied fan it plattelân en de stêd. It hurde wurkjen fan de lânbouwers en feeboeren tsjinsoer gefoelens fan heechmoed fan de minsken dy't it skine te witten. Troch it ferskil fan ynsichten, en de praktyk oant misliedende stikstofkaartsjes ta.

Yn wêzen giet it hietenkear om in belangenstriid fan wa komt dêr it bêste út. Mar dermei is net sein dat dat in garânsje is fan rjochtfearnichheit. It is net sein dat de earste ek de bêste is. Want hoe binne jo op dat plak terjochte kaam? Troch om te keapjen? Mei de earmtakken te wurkjen? Of troch in ûnsuver referendum sa as yn de Donbas?

'Wy, yn'e tiid fertiisden' is in richeltsje út it slotliet fan straks, en jout krekt oan hoe't mei ús stelt is. Wy binne yn'e war. Wy lykje op in kleaune jern dat tige yn'e tiis sit. En helje dat marris út elkoar. Wy witte net rjocht wêr't wy ús op rjochtsje moatte, wy sitte yn'e knoop.

Dêr liket it om te gean yn de lêzingen dy't wij heard troch Giny. Gean mar nei. Oan it stik út 2 Keningen falt gjin tou oan fêst te knopen. Want wêr giet dit oer? Frjemde plaknammen en bylden, en gean mar troch. Wêr moatte wij ús op rjochtsje? We hearre oer it yn besit nimmen fan de provinsje Samaria yn wat tsjinwurdich Israël hyt, troch minsken út frjemde bûtenlânse plakken. Dat wie neat oars as in 'je reinste' aneksaasje polityk fan it grutte Assyrië dat tsjinwurdich hiel Syrië, Turkije, Egypte, Iran en Irak, ynklusyf Cyprus beslein hat. Dat wie my nochal in keningryk.

En we hearre dêryn oer it werom helje fan in Israëlyske pryster. No moatte wy witte dat de kening fan Assyrië de Israëlyten deportearde hie – wêr kinne wy dat yn de resinte skiednis net fan ...? Mar nu hearre wy dat besetters dy't dêr kamen te wenjen, deamakke wurden troch liuwen. Dat skynt gjin fabeltsje te wêzen, want der hat in pleach fan liuwen west. Dat deafretten had men ynterpreteard dat dat troch de Hear sa betocht wie. De minsken dy't dit opskriuw ha woenen dêrmei sizze: sjogge jim wol? Dat ha jimme dêrfan. In lân anekseare en der frjemde bewenners delsette. Dat is sykjen om ellende! Dêrom tocht die kening fan Assyrië: Helje gau in Israëlytiske pryster werom, en lit him oer de God fan dat lân fertelle dy't dêr altyd beliden is, en dan sille de liuwen harren wol deljaan.

Hoe't jo sa'n ynterpretaasje ek wege, de siswize komt tige faak yn'e Bibel foar dat de Hear brulle kin as in liuw wannear Hy ûnrjocht bespeurt. Dan giet Hy tekear as in liuw. Dus helje dy pryster en lit him de regel fan de God fan it lân leare oan de minsken. Dan moat it goed komme. Hoe't mei dy liuwen ôfrûn is, wa sil it sizze. Mar ien ding is wis. En dat is dat al dy minsken trochgien binne mei harren eigen oanbidding fan de bylden dy't wij heard ha. Oant en mei it offeren fan lytse bêrn, ferskuorrend. En tagelyk ferearden se

de Hear fan Israël. Slimmer noch: se mienden datse Him *dertruch* ferearden. Derom stiet der ek twa kear dat se de regel fan God learden, mar ek harren eigen regels tsjinnen. Twa regels. Wat del komt op wat Mattheus seit: ‘Gjinien kin twa hearen tsjinje. Hy sil ommers óf de iene net meie en fan de oare hâlde, óf de iene tagedien wêze en de oare ferachtsje. God en Mammon (de god fan it Jild) kin men net tagelyk tsjinje. (Mattheus 6:24) Oars reitsje wy yn’e tiis. Poetin dy’t omskriuwne wurdt as in krús slaande kristen dy’t mei atoomwapens wappert. (*Trouw* 7 okt 2022) Wêr moatte wy ús op rjochtsje? Is it net wat?!

Om út de tiis te kommen, moatte wy lústerje nei dat brullen fan de liuw. En dit dan goed ferstean: dat is dan net dat lytse mantsje mei syn grutte mûle dêr yn it Kremin. Nee, soksoad fan gebrul kinne wy wol. Dit gebrul is in teken dat dêr einlik ris oprjochte leiding jûn wurdt yn dizze ferflokke wrâld. It is it gebrul dat dêr oan alle kanten gjin leiding en gjin fisie op de takomst mear is toch alle crises, en dat we mar wat dogge. It gebrul fan de liuw hearre wy elke dei troch it nijs, de kranten en wat we net mear oankinne.

It rekke my dat it hjir krekt Freed troch in theologenelftal yn *Trouw* oergiet. Se seinen dat wy ergens yn de jierren 90 ophâlden binne mei it tinken oer de waarde fan de samenleving, mei it aksint op dat ‘samen’. Wy binne fjierstende folle op it paad rekke fan de ekonomyske groei en de welvaart, wertroch wy ússels as minsken út it each ferlen binne. It liket dat wy der no pas achter komme. En wa hjir jern mei bespinnt binne de populisten dy’t de finger lizze op it feit dat it yn in maatskippy om mear giet dan om comfort en wolfaart. Derom sprekke sy just die minsken oan dy’t ôfjekke ha, of har net mear foar fol oansjoen fiele. Dat mei wier wêze, mar litte wy ús hope dochs mar rjochtsje op dy Oare, dy’t fanút syn joadske achtergrûn mei krigen hat, dat wa’t himsels ferheget, ferlege wurdt en wa’t himsels ferleget, ferhege wurde sil.

In oaren yn dat stik sei dat Jezus sa faak at Hy mei Fariseeën en tollenaars iet, dêr syn ynfulling oan jout. Hy bringt twa groepen by inoar dy’t tige mei inoar yn’e tiis sitte. En dat kost wat, sa’n maatskippy. Omdat it net maklik is om ynklusyf te tinken, want dat freget oanpassing fan alle kanten.

It stik út Lukas probeart ús út de tiis te heljen. At wy noris begjinne soenen mei achteroan yn sté fan foaroan sitten te gean. Dan sil it jo siere at jo útnoege wurde om foaroan te kommen. Heechmoed wurdt beskeidenheit, de betwitter in lústeraar/harker. Dizze lêsten binne de minsken dy’t ynsjogge wat der nedich is, dy hawwe each foar in oar. Lyk dat de man mei wettersucht better makke wurde moast op de Sabbat. Die lêsten hawwe troch dat de Sabbat dêr is foar de minsk, net dat de minsk dêr is foar de Sabbat. De minsk en syn waardichheit stiet altyd foaroan. En dat wie de kritek dy’t Jezus hie op dy ‘zichzelf gekroonde keizers’, de Fariseeën dy’t it mear gong om formaliteiten dan om de minsk.

En dit hiele ferhaal kinne wy sa tapasse op wat Remkes ynsjoen hat, en op wat wy fernimme oer de ûnrêst dy’t de russyske leider yn syn eigen lân oer hoop helle hat. Sawol 2 Keningen mei syn anneksasje polityk as Lukas mei syn heech en leechbetoog, hâlde ús in spegel foar. Hoe komme wy, yn’e tiid fertiisden, út úse ferwarring? Litte wy ús rjochtsje op die lene, oer wa it lêste liet ús straks sjonge lit: ‘Wêr fûnen wy oait fêste grûn, as Hy ús ’t paad net wiisde, as net yn nacht en tsjusternis it ljocht dat Jezus Kristus is, ús as de dage riisde?’